

SEE, SEE DO WIDE SEE

See, see do wide see, wat leist dêr drôgjend hinne.
Wa seit, wat ûnk en wee yn dy besletten binne!
Myn feint sa prûs, hy gong fan hûs, hy soe syn lok wol fine.
Foel 't skieden hurd, ik hie syn wurd: ús soe de troubân bine!
See, see do wide see, wat leist dêr drôgjend hinne,
Wa seit, wat ûnk en wee yn dy besletten binne!

See, see do stoere see, wêr mei myn feint dochs bliuwe?
O, lit oan d' âlde ree syn boat doch binnendriuwe!
Mar hoe, dyn byld wurd swart en wyld.
Do bromst fan leed en lijen.
Ik fiel, ik sjoch 't gjin will 'en nocht, is mear foar my te krijen.
See, see , do stoere see, do ropst it my temjitte.
Faam, faam, dêr oan de ree, do moatst dyn feint ferjitte.

See, see, sa wif en rou, berchsto him yn dyn skerte,
Ik hâld him, ivich trou, besletten djip yn 't herte.
Dyn weachgebrûs, dyn stoarmgerûs heech oer syn holle rôlet.
Allyk de smert djip út myn hert yn wylde weagen wâlet.
See, see, sa wif en rou, berchsto him yn dyn skerte,
Ik hâld him, ivich trou, besletten djip yn't herte.